

Po@dium

Bennie Huisman

2026 - nr. 2

oarloch & frede



In Kanadeeske tank yn wat no it horeka-paradys fan it Hearrenfean is, maityd '45

Beste lêzer,

It is alle dagen wat mear maityd. Minsken libje op, wurkje yn 'e tún, meitsje de boat klear of besjogge nochris de fakânsjeplannen.

Fleane en lang autoride, dêr tinke we noch mar even oer nei. Want troch de oarloch yn it Midden-Easten is brânstof sa djoer wurden, dat... Der wurdt eins altyd wol fochten yn 'e wrâld, mar no rekket it folút ús enerzjyfoarsjenning. En bedriget it ús wolfeart.

Yn dit nûmmer oandacht foar oarloch én frede. Ik reizgje nei de *Friedensstadt* Osnabrück en moat dêr ynienen oan 'e Lemmer tinke.

En ik slút dit nûmmer ôf mei in reis nei in kâld Havelberg. Dêr wendet freon en (libbens-)keunstner Heinz, begjin 1942 berne yn it Ruhr-gebiet, dêr't oant maaie 1945 alle stêdden ta ruïnes waarden. Syn heit seach er foar it earst yn 1948. Heinz libbe lang yn Berlyn.

It is oarloch yn 'e wrâld. Doe't ik berne waard, wie de (twadde) Wrâldoarloch krekt twa jier dêrfoar ôfsletten yn Europa mei in 'frede', dat wol sizze: Nazi-Dútslân hie de wapens del lein. Goed trije moannen letter die Japan dat ek. De 'goeden' hienen wûn. Ik groeide op yn 'frede'. Alteast, hjir wie gjin oarloch mear. Gewelt en de ynset fan wapens gie troch. De list is lang: 'polysjonele aksje' yn 'ús' Indië wie ien fan dy oarlogen en konflikten, dêr't tal fan folken harren mei frijfochten fan de sa lang oerhearskjende Europeeske machten. De 'Kâlde Oarloch' begûn mei de oarloch yn Korea en dêrnei reagen de beide machtsblokken hiel wat ôf yn de eigen 'achtertunen: de V.S. yn Sud- en Midden-Amerika, de Sowjets yn Hongarije en TsjechoSlowakije. Vietnam, Afghanistan (earst de Russen, dêrnei de Amerikanen), de Golf-oarlogen, de rige konflikten dy't de jonge steat Israël útfocht mei de buorlju... Dit is wat my sa yn 't sin komt sûnder ChatGPT. De list is folle langer.

In ferskynsel dat yn dy grutte mondiale striid altyd wer opdûkt is it oernimmen fan de macht troch it leger. In generaal set de keazen folksfertsjintwurdigers oan de kant en ynstallearret in militêr bestjoer, yn de praktyk meast in diktatuer. Protesten wurde bloedig ûnderdrukt, tsjinstanners oppakt, ensfh... Súd- en Midden-Amerika ha in lange tradysje, faak holp de Amerika in handsje. Mar ek tichteby: Griekelân, Turkije, Spanje, Portugal. No pakke in soad Afrikaanse lannen dizze tradysje wer op en sjogge we wer frijwat mannen yn battledress foarby paradearen. Mannen ja.

Want rûnom op 'e wrâld besykje mannen 'út alle macht' dat wat se foar harren gefoel ynlevere ha troch feminisme, humanisme, gendergelikens, striid foar bisterjochten, striid foar ekologyske ferantwurdlikens en ek demokrasy, werom te winnen. De radikalisearring yn religys, de machtshonger fan Big Tech, de opkomst fan radikaal-rjochts, it liket allegear yn de kearn: '*man in crisis*' >>

skepping

wy komme allegear
út it selde gat
in reis nei it ljocht
dat we razend
begroetsje

we driuwe allegear
de selde nacht yn
as it lêste ljocht
dôvet
it lêste lûd swijt
it lêste roppen
mem

Sa'n fjirtich jier lyn, krekt foar't ik 40 waard - wurke ik oan myn earste theaterfoarstelling *De sjonger*. Ik hie in jier earder lêzen dat ik by de provinsje foar soks in produksjesubsydzje oanfreegje koen, ynhâldlik en finansjeel ûnderboud, Ik betocht in titel, mei in ferhaal, ik makke in begrutting en stjoerde de oanfraach yn. Ik ferwachtte der net folle fan. Mar ta myn fernuvering waard it takend. Eins apart. Ik trede hjir en dêr wol op, wie op de Omrop wol te hearren en hie my op it literêre flak ek al melden. Mar dit wie fan in oare oarder. Leafhawwerij soe wurk wurde. Ik woe it al. Of ik it ek koe, dêr soe ik fansels achter komme. Lykwols wie it spannend, stressfol, mooglik in te grutte stap.

In jier letter gie de foarstelling yn premjêre. Dy begûn mei in 'skeppingsferhaal'. Dêryn waard in 'Skepper' opfierd, dy't de skepping, sa't wy dat no noch kenne, yn earste ynstânsje sûnder sjonger makke. Nei de kladderatsch yn it paradys waard dy omisje dochs noch rjochtset.

Dat skeppingsferhaal haw ik op 'e nij brûkt yn myn nije foarstelling *de wals*. Mei in lytse feroaring, dy't de aktualiteit fan my freget. De *Skepper* yn *De sjonger* wie in man, sûnder dat it mei sa folle wurden sein waard. Hy waard ek spile troch in man, mar yn de oanklaaiing waard al ôfstân nommen fan tefolle 'autoriteit': hy droech in wyt klownspak.

Yn *de wals* haw ik 'de skepper' froulik makke en hjit se *mem*.

Yn alle mono-téistyske godtsjinsten, dy't lykas no hjoeddeiske multinationals, troch de tiid hinne eardere foarmen fan religy en spritualiteit opslokt of útroeid ha, is de man it begjin en it ein. De manlike God skoep de man en joech him in frou. Dyselde God skreau in hillich boek, dêr't side nei side de haadopdracht yn noteard stie: A wûn B, B wûn C, C wûn D ensfh... By dy neiteam draaide it dan om de soannen. Dyselde manlike God rekkent oan it ein fan alle tiden ôf. En syn ierdske predikers en profeten, machthawwers en selsbe-neamde fertsjintwurdigers hawwe dêr troch de tiid hinne altyd graach in foarskot op nommen. En noch. Mei of sûnder burd, mei of sûnder trijedelich, mei of sûnder skerpe kaaklijen. In soad fan harren oarlogen wienen 'hillich. It libben fan minsken wie dat selden.

de touwtjes

Yn [Po@dium 2025 nr. 2](#) gean ik wiidweidich yn op it ûntstean fan sawol it oarspronklike liet (*Het wijnglas*) as dizze bewurking (dy't no in namme hat). Harkje [hjr](#) nei in 'thúsopname'.

Elke avond weer een *update*,
hoe het ging die dag aan 't front
Zoveel honderd weer gevallen,
zoveel duizend weer gewond
Zoveel kinderen zonder vader,
zoveel moeders zonder kind
En we vragen wanneer eens toch
dat gemoord een einde vindt?
Maar des ochtends, bij het opstaan
wijst de smartphone ons de weg
zie; koersen blijven stijgen,
olie, wapens en Big Tech
en ze klinken en ze drinken,
de beleggers in elk land
want zij winnen elke oorlog ,
het juiste aandeel in de hand.

Elke avond nieuwe beelden:
een ziekenhuis gebombardeerd
zoveel mensen die er schuilden,
zijn er levend gecremeerd
puinhopen vol overlevvers,
zonder drinken, zonder brood
vrouwen, kind'ren, oude mensen
dichter bij de hongerdood
Maar des ochtends, bij het opstaan,
is er een pop-up bericht
over een nieuwe nederzetting
die die nacht daar is gesticht
iemand spreekt er vrome woorden
over Godgegeven land
want hun oorlog wordt gewonnen,
heilig boek in schone hand

Elke dag brengt nieuwe ellende,
nieuwe doden, nieuwe rouw.
Elke dag krijgt ons vertrouwen
in de mensen weer een knauw.
Angstig vragen we hoe lang nog,
deze oorlogswaanzin duurt.
Welk duivels algoritme
deze wereld toch bestuurt?
Diplomaten zijn koortsachtig
elke dag in overleg
Op de achtergrond, onzichtbaar,
het grijnzend zootje van Big Tech
Zij bekijken het gespartel
en ze nippen van hun wijn
Want zij trekken aan de touwtjes,
alle touwtjes online

frede

It paad nei frede is lang. In soad konflikten ha in lange foarskiednis, of it no om in leafdesrelaasje giet of in oarloch tusken lannen of boargers. En it is hast altyd komplisearre. As wy as beppesizzers ûnderling wat spul hienen, sei beppe altyd: 'net kreauwe', soms mei de tafoeging: 'dat fynt de Heare net moai...!' Se koe net goed oer spul en besocht it te beswarren mei sokke teksten. Tagelyk wie se sels yn in trochgeande steat fan konflikt mei ús mem. It wie in striid, oer de opfieding fan de bern: strak en sober (ús mem) versus tajaan en ferwenne (beppe).

Beppe wûn, mar har ûnbewuste opfetting dat 'frede' itselde is as it dêlbêdzjen fan spul oer botsende karakters of belangen wie in miskening fan de rol en de needsaak fan de 'dialooch': prate oer wûnen en kwetsings. Sokke petearen ha by myn witen nea plakfûn tusken beppe en ús mem. Achtsjen jier nei't ús mem mei ús heit troude en earst út (wenning-)need seis jier by har skoanâlden yn wenne, dêrnei noch tolve jier tichteby, ferhuzen wy nei Ljouwert, '30 km fierderop'. Us mem waard swier fan in fiifde bern en wie fleurich en hoopfol, dat se mei dizze neikommer in nije start meitsje koe.

Yn grutte geopolitike konflikten binne sokke oplossings net mooglik. In lân of folk kin net ferhúzje, yndividuele minsken kinne besykje te flechtsjen nei in plak dêr't it feiliger is. Lykas de joaden yn Europa al ieuwen dienen. En lykas Oekraïners dogge en Palestijnen, Syriërs...de list is lang. En de feiligens dy't fûn wurdt is faak betreklik en tydlik. Minsken fiele harren ûntwoarte. Lykas wy as bern ús fielden doe't we nei Ljouwert ferhuzen. Mar wy koenen werom, in treinkaartsje fan ien gûne fiifentweintich en altyd wolkom by pake en beppe. In soad flechtlingen kinne net werom.

It paad nei frede is lang. De treinreis ek. Ik bin ûnderweis nei Osnabrück, in Dútse stêd dy't himsels *Friedensstadt* neamt. Dat hinget gear mei de skiednis. Yn 1648 wie dit ien fan de beide stêdden, dêr't de Frede fan Westfalen tekene waard. Dy makke in ein oan de Tritich-jierrige oarloch, dy't foar in grut part yn Dútslân útfochten wie troch it Hillige Roomse Ryk, Sweden en Frankryk. De oare stêd wie Múnster, dêr't al earder dat jier de frede tekene wie tusken Spanje en De Nederlanden, dy't in ein makke oan 'ús' Tachtichjierrige oarloch. Yn de histoaryske stedhuzen fan beide stêdden is dêroer in permaninte útstalling.

Mar ik bin ûnderweis nei in oar 'fredesikoan'. Osnabrück wie ek de bertestêd fan Erich Maria Remarque, de skriuwer fan de anti-oarlochsroman: *Im Westen nichts neues*. Dit boek, út 1929 en basearre op syn ûnderfinings as soldaat yn de Earste Wrâldoarloch, waard en wurd beskôge as in oanklacht tsjin oarloch, tsjin militêrisme en bewapening. Yn Osnabrück is no in stúdzjesintrum / museum, dat syn namme draacht. Fergees tagonklik.

It is trije oeren hinne en trije oeren werom. Ik ha der ien kear earder west, sa 'n tsien jier lyn. It wie in earste stop op in reis mei in sweager, histoarikus en ynteressearre yn 'betinkingsplakken'. Ik fûn it doe wol nijsgjirrich, hie it boek al lêzen en wist genôch oer it Interbellum, de Weimar-republyk, it opkommend fasisme en boekferbrânings om alle op grutte panielen komprimearre ynformaasje in plak te jaan. Mar yn de syktocht nei de skiednis en de betsjutting fan 'frede' wol ik it nochris sjen.

As ik útstap op it Altstadt Bahnhof en de âlde binnenstêd yn rin liket dy op alle âlde sintra fan de wat gruttere Dútse stêdden. Dy leinen yn 1945 yn pûn.



Remarque yn 1929, yn Davos

En werbou yn âlde styl waard inkeld reservearre foar histoarysk wichtige stedhuzen en âlde tsjerken. De rest waard in miks fan moderne snelbou mei hjir en dêr wat histoaryske aksinten.

It is begjin desimber en ik stuitsje al gau op de *Weinachtsmarkt*. Om 'e mear of minder histoaryske gebouwen hinne stiet kream neist kream. Mar by de tagongen steane blokkades mei bewapene bewakers. Wa't der mei de auto yn wol, moat him identifisearje. Dat it it gefolch fan oanslaggen op sokke merken, faak mei auto's útfierd. Dy riden mei hege gong op 'e besikers fan 'e merk yn, lykas yn Berlyn (2016) en Maagdenburg (2024).


Yn it Remarque-Zentrum is neist de steande útstalling ek in tydlike: oer de Weimar-republyk. Grutte boerden mei byld en ynformaasje steane yn in soarte fan sirkel opsteld en jouwe in gronologysk oersjoch fan wat beskôge wurdt as de earste Dútse demokrasy, dy't yn 1933 einige mei de machtsoername fan Hitler.

Yn datselde jier begûnen ek de boekferbrânings. De roman fan Remarque, troch de Nazi's omskreaun as 'in dolkstjit yn 'e rêch fan de heldhaftige Dútse soldaten' - lei as ien fan de earste boeken op 'e brânheap. Fyftich jier letter, by de betinkings fan dy boekferbrânings rûnom yn Dútslân, waarden Remarque en syn boek yn Osnabrück net iens neamd. In heechleraar literatuer oan de pleatslike Universiteit fûn dat sa absurd, dat er in Remarque-sintrum op poaten sette. Fyftjen jier letter, yn 1998, waard dat sintrum fernijd en offisjeel adoptearre troch de stêd. Net tafallich it jier dat Remarque syn 100-ste bertedei fierd wurde koe.

In fier famyljelid - Philippe Remarque, foar de Volkskrant earst korrespondint yn Berlyn en Dútslân, letter haadredakteur, reizge foar dy plechtichheid nei Osnabrück en skreau der in moai artikel oer, dat ynsjoch jout yn de muoisume relaasje tusken Remarque en de stêd en it lân fan syn berte. Dútslân ûntnaam him yn 1938 syn Dútse nasjonaliteit. Tidens de oarloch wenne er yn de V.S. dêrnei ôfwikseljend yn de V.S. en Switserlân.

De 'frische und fröhliche Krieg' dy't yn 1914 friiwat jonge mannen der ta oansette om harren der frijwillich foar oan te melden (omdat op dy leeftyd it ferstân meast wat achterbliuwt by de yntelliginsje), blykte troch de skaal, de meganisearring en de yndustriële wapenproduksje in moardmasine te wêzen. Remarque wie net de iennichste dy't nei oanlieding dêrfan de legitimiteit fan oarloch en wapengebrûk ta diskusje stelde. Ek yn it neutrale Nederlân klonken stimmen tsjin de oarloch en foar it ôfskaffen fan wapens. It liet op side 2 is in aktualisearre ferzy fan in 'protestliet' út dy tiid.


De Fryske dichter Fedde Schurer, goed in moanne nei Remarque berne yn 1898, waard yn de jierren '20 yn Fryslân en Nederlân in publike pasifistyske stim.



Remarque (midden) yn '14 - '18



Remarque yn 1939, yn New York



De earste edysje fan de roman, út 1929. It boek belibbe daliks werprint nei werprint en makke Remarque ferneamd én ryk. Der binne - skatting 1998 - mear as fyftsjen miljoen eksemplaren fan ferkocht yn mear as fyftich talen.

Beide groeiden op yn in 'lytsboargerlik' fermidden. Remarque as soan fan in boekbinder yn in katolyke húshâlding yn de stêd Osnabrück, Schurer as soan fan in arbeider op in helling op 'e Lemmer, in doarp oan de Sudersee.

Se wienen lid fan 'e Grifformearde tsjerke, in konservative lytse 'zuil' - *de kleine luyden* - dy't troch harren foarman Abraham Kuiper aloan mear ynfloed krigen yn it politike bestel.

Remarque makke him út syn fermidden los troch as oankommend ûnderwizer al jong kontakten te sykjen mei keunstners yn syn bertestêd.

Schurer brûkte de mooglikheden - de jongereinferienig - fan it protestantse fermidden yn it fiskersdoarp om him te ûntjaan, om de geast te skerpjen. In oplieding foar ûnderwizer rêdde him fan in bestean as timmerfeint. Ien kear master op 'e Lemmer ûntjoech er him as dichter yn it Frysk en waard - ek troch de ferskrikkings fan de Earste Wrâldoarloch - oertsjûge pasifist. Mar hy bleau ek in oertsjûge kristen. En gie binnen de tsjerke de striid oan mei de opfettings oer de legitimititeit fan oarloch en wat God middels de bibel 'us' dêr oer leart. Hy wie in betûft en faak útnoege sprekker en wat er op dy sprekbeurten tsjin de hearskjende opfettings ynbrocht, waard yn 1929 gearfette yn in brosjure: 'Kristendom en oarloch'.


Yn datselde jier ferskynde ek de roman fan Remarque, dy't doe al libbe as sjoernalist en skriuwer yn it mondaine Berlyn. Wêr't hy de waansin fan 'e oarloch út eigen ûnderfining beskreau en kritisearre, gie Schurer de striid oan mei de dogma's en faak hiërgaryske strukturen fan 'e tsjerke en har politike partij, dy't dan ek 'anti-revolúsjonêr' hjitte.

Foar alletwa hie harren opstelling gefolgen. Al gau foar Schurer, dy't mei de tsjerkeried en it skoallebestjoer yn konflikt kaam. Him waard 'de tagong ta it nachtmiel' ûntsein en hy waard ek, nei in rjochtsaak dy't it lannelike nijs helle, ûntslein as ûnderwizer. It ferhaal wol, dat er op 'e maaiede dat er de skoalle net mear yn mocht, it fers skreau dat hjirneist stiet. ([harkje](#)).

Hy ferhuze nei Amsterdam, waard dêr ûnderwizer, fûn in oare tsjerke en in oar polityk fermidden, ûntjoech him fierder as skriuwer, ek foar fersetskranten, bleau pasifist en kaam nei de oarloch werom nei Fryslân om haadredakteur te wurden fan it deiblêd De Heerenveense Koerier (letter: De Friese Koerier)

Remarque kaam al gau yn it farwetter fan de opkommende Nazi's. Syn anti-oarlochsroman wie populêr, waard oer de hiele wrâld ferkocht en makke fan him in ryk man. Hy kocht in villa oan 'e Switserse igge fan it Lago Maggiore en flechte dêr hinne doe 't de Nazi's yn '33 oan 'e macht kamen. Yn 1938 waard er *ausgebürgert*, yn 1939 ferhuze er nei de V.S., dêr't er de rest fan de oarloch trochbrocht. Sjoch fierder:

Fedde Schurer:	Christendom en oorlog	-	wiki-side
Erich Maria Remarque:	Volkskrantartikel '98	-	wiki-side



Ik kin 't net keare, dat de floed
Fan sinneprecht myn hert berint
En dat myn jong en bûnzjend bloed
De moaie ierde fûl bemint,
Dat hiel de rike, wûndre wrâld
My finzen hâldt

De waarme weelde fan 'e dei
De blom dy't foar myn finster stiet,
De lytse brune faam dy't mei
Bananen by de doarren giet
Myn leafde neamt se allegear
Aloan en wer.

'k Stean by de bern, as yn 'e loft
In glânzge fleanmesine bromt;
Ik rin mei eltse blide kloft,
En as Michiel te spyljen komt
Dan bringt my syn harmoanika
Oan 't skriemen ta.

Hâld jimmer Hear, myn eagen rein,
Om wiid ferwûnd're as in bern,
By alles wat dizz' ierde skein'
It moaie dat ús bliuwt, te sjen.
Dan bloeit ek út 'e lytste knop
It wûnder op.

De Ijurk dy't yn 'e súv're moarn
De lege lannen efter lit.
Dy't dronken fan syn eigen toan
Oars net as sulv'ren blidens wit
En as syn liet nei d'ein ta rint
Al wer begjint.

Sa springt myn hert út leed en ûnk,
Ut lege mieden fan fertriet,
En sjit omheech, in ljochte fûnk,
In blinkend selsfergetten liet;
Dat sjongend altyd heger klimt
En neat gjin ein mear nimt.



how many roads
must a man walk down
before you call him a man?

De earste dagen nei de weromreis betraapje ik mysels der op dat ik soms noch yn it Dúts tink. Hat te krijen mei de lange petearen dy't ik in lytse wike lang mei Heinz fierde. Dêryn formulearre ik yn gedachten faak earst wat ik dêrnei útspruts, om't wurden en útdrukkings net fanselsprekkend foar it gripen leinen. Al gie it mei de dei foarút.

Oan it ein fan 'e wike stappe we yn 'e auto, Heinz, Britta en ik. It is in âlde Berlingo en foar 't we fuort ride kinne draait Heinz mei de kaai de bestjoerders-doar fan it slot, klikt de moterkap iepen, krijt in lyts steksleuteltsje en slút it systeem wer op de accu oan. No kinne de oare doarren iepene wurde. Nei elke autorit folget it omkearde ritueel. Oars rint de accu leech. Lestich. Mar der is mei te libjen.

As we de binnenstêd út en oan in *Tankstelle* foarby ride, binne de oprinnende brânstofprizen even petearstof, mar net lang. As ik freegje nei syn earste auto blykt dat in Renault Dauphine te wêzen, dy't by need noch mei in slinger start wurde koe. Hy ried der yn mei syn earste frou Dorothea op harren houliksreis nei Joegoslavië. Dat lân stie doe noch foar 'der dritte Weg' - tusken kommunisme en kapitalisme.

We binne ûnderweis nei wat by Heinz ôfwikseljend *der Acker* en *der Bauwagen* hjit. It is syn 'bûten-ferbliuw' dêr't er soms hinne giet en dat sa 'n 20 km noardlik fan Wolfsburg tsjin it eardere Izeren Gordyn oan leit. It is in ûntspannen rit, de diken yn dit eardere DDR gebied binne opfallend goed en der is amper frachtferkear. We kruse in Autobahn yn oanlis, in noard-súd-ferbining dêr't al jierren oan wurke wurdt. Geregeld leit it wurk stil, dan is it jild op. Sa 'n 30 km westlik fan Havelberg komt in brêge oer de Elbe. It sil it isolemint fan dy krite net daalk oplosse. Om yn Berlyn te kommen wie altyd al in reis fan twa oeren. Dat is no trije, om't rûnom oan it spoar wurke wurdt. Achterstallich ûnderhâld. *Die Bahn ist marode*.

We sette Britta op in lyts Bahnhof ôf. Se reizget troch nei har âlden yn in doarp by Bremerhaven. Har heit hat moarn syn jierdei. Wy ride troch nei ús bestimming en ik krij útlis oer it ûntstean fan *der Acker*. In jier as seis foar de *Wende* ('89) hie in grutte boer in lyts hoekje oer, dat troch de lizzing ûnrendabel wie om masjinaal te bewurkjen. It waard yn pacht jûn oan Heinz en wat Berliner freonen. Se mochten dêr ek wat hûskes op sette. Mooglik hie de boer de kreas oanharke *Kleingarten* foar eagen, dy't yn Dútslân yn en om de stêdden te finen binne, mar it waard in lytse 'frijsteat'. Beamkes skeaten op, waarden beammen, waard in boskje. Dêr hoege jo neat foar te dwaan, inkeld wat foar te litten. Neist *der Acker* leit de werklike, wol rendabele Acker, grut en bewurke oant sa fier it each rikt.

Tusken de beammen ferskûle steane in fiiftal hûskes, fan stien, 4 by 4 meter, mei in golfplaten dak en mei ûnderskate oanbou. Dan steane der noch in caravan en twa *Bauwagen*. Wêrûnder dy fan fan Heinz, oan de râne en mei útsjoch oer it boulân. Seker twa ûnderkommens, in hûske en de oare Bauwagen, meitsje sûnt koart diel út fan in erfenis. Neist Heinz hie ek syn earste frou dêr in hûske. Se is begjin dit jier stoarn en harren soan Maxim hat it hûske erft. Hy is der sels ek. Alhoewol 't er syn hiele libben sa goed as blyn is, kin er alle paadsjes goed fine. Hy is yn 'e fyftich en koe koartlyn mei pinsjoen, nei 't er 20 jier wurke hie yn in *Werkstatt für Behinderte*. Hy wennet yn Hannover. Ek Philippe, soan út in twadde houlik, is oer kommen út Berlyn.

Nei de earste rûnlieding moat de wetterlieding nei it hûske wer oansletten wurde. Midden op 'e *Acker* is in sintrale, betonnen put mei in isolearre deksel der op. Dêr sit de haadkraan en de ôftakkings nei de hûskes. Tsjin de winter hat Heinz dy fan him ôfsletten en de liedingen leech makke. No hopet er dat der neat stikken ferzen is yn de ôfrûne strange winter. Dat blykt al sa te wêzen. Mar oan sokke ûngemakken is er sa wend rekke, dat er altyd wol wat foar need by him hat. Ek no.

We dogge noch in rûntsje, begroetsje oare bewenners en sykje de kast mei de iennichte elektrisiteitsoansluting, om myn telefoan op te laden. Dy stiet tusken de beide bouweinen yn, mar sit op slot. Dy oare Bauwagen is fan in befreone keunstner, dy't ek begjin dit jier stoarn is. Dêrmei is dit ek in erfstik wurden. Hy is wat grutter as dy fan Heinz en in kleurich keunstwurk op himsels. Mar yn in tige minne steat fan ûnderhâld. Of '*marode*', lykas Heinz seit. Yn alle besichtigingen en konversaasjes falt geregeld dat wurd. Ik koe it net, mar de objekten dêr't it wurd op fan tapassing is meitsje de betsjutting gau dúdlik. De measte eigeners binne op leeftyd en ha muoite de boel by te hâlden. Of misse de ambysje dêr ta.

Heinz hat noch wol ynfestearre en oan syn hûske in badkeamer boud. Kompleet yn-rjochte. Dat hat er dien tegearre mei in freon út it neistlizzende doarp: Hermann. Dy komt krekt op syn brommer oanriden. Hy is in technyske tûzenpoat begryp ik út de ferhalen. Syn libben lang wurke by VW yn Wolfsburg. Sels yn 'e fakânsjes wurke er troch sadat er folle earder mei pinsjoen koe. Gjin inkelde auto- of oare moter hat geheimen foar him. Oan de râne dy't nei it doarp keard is hat er in skuorre stean, in opslach fan branhout en in grutte generator, dy't noch út de DDR stamt. Mar as er syn helm ôfset en Heinz freget 'wie es geht' is it antwurd: min. Al in skoft fielt er him net goed. Koartammich, gjin enerzjy. De dokters kinne neat fine. Hy rint even mei nei it hûske, we sitte in skoft yn it sintsje, drinke wat, beprate syn kondysje en dan set er wer ôf. Hy komt dy jûn ek net nei it *Osterfeuer*.

Dat wie oars foar Heinz in oanlieding foar dit útstapke. Alle jierren organisearret de Feuerwehr út de beide oanswettende doarpen op 'e jûn foar Peaske in grut fjoer, dêr't se sels it branhout foar sammelje. Heinz hat ek noch praat oer Bratwurst en yndie: as we arrivearje binne der kreamkes mei iten en drinken, alles bemand troch de lokale brânweer. De opbringst is ek foar harren.

Dan is de bult, nei myn ynskatting aardich mear as 100 kuub, mei frijwat krystbeammen, krekt oanstutsen. Tusken alle minsken troch rinne ek bern yn brandweerklean. Se binne lid fan 'e jongereinôfdieling en krije ek geregeld training, neist mear scouting-eftige aktiviteiten.



Werom op de *Acker* sliep ik yn it hûske en Heinz yn de Bauwagen. It is de hiele wike al kâld, nachts om it friespunt. En it grutste diel fan 'e wike moast ek yn Havelberg de waarmte komme fan houtkachels. Doe't ik de moandeis oan kaam stie alles moai klear yn myn gastenferbliuw: in bêd, myn favorite skriuwstoel, alles om moarns sels kofje te meitsjen, ensfh. Mar de cv-ynstallaasje wie stikken. Lekkaazje. En it koe pas de tongersdeis repararre wurde. Dat, mei in waarme krúk yn bêd en moarns de houtkachel oan, de skriuwstoel der tichte op. Heinz hie útsoarte in swiere winter hân. It âlde hûs wie hast net waarm te stoken en hy moast in soad by betelje foar it gas. Ek omt er in part ferhierd hat foar fêste bewenning.

In jier of seis lang hat er in soad jild en tiid ynfestearre om dit mânske hûs stikje foar stikje bewenber te meitsjen. Hy krige it dan wol frijwol fergees, mar it wie nochal *marode*. Earst waard it lekkende dak oanpakt, doe de tûn, doe keamer nei keamer. Om dêr wenje, wurkje en

eksposearje te kinnen. Yntegreard, om sa te sizzen. Wat dat yn 'e (winterske) praktyk betsjut, sjoch ik dizze wike.

De keuken - oars it sintrum fan syn deistich bestean - hat inkeld cv-radiatoren en dêrom is er útwykt nei in ferbliuw yn in sydfleugel. Dêr is in houtkachel, dêr is ek in keukenhoekje, dêr is in mini-atelier om te tekenjen of te skriuwen. Dêr meld ik mei nei myn earste iere skriuwsessy by de kachel om tegearre te Frühstücken. Tusken alle sammelingen (âld wurk, nij wurk, boeken dy't lêzen wurde, in gitaar, bou-ark ensfh.) tref ik boppenop in steapel boeken in grutte swartwyt-foto.

It is in demonstraasje yn Berlyn, jierren '70. Heinz rint foaroan, hâldt mei in oare man in spandoek omheech mei de tekst: *Proletarier alle Landen und Unterdrückten, vereinigt euch*. Neist harren rint syn takomstige frou Dorothea, ôfkomstich út de DDR, dy't in ôfbylding fan Mao omheech hâldt. Yn dy jierren wienen ek by ús Mao en it Reade boekje populêr ûnder studinten. Krekt sa Lenin, dy't ek hjir meidroegen wurdt. Sokke demonstraasjes, dy't ein jierren '60 yn Berlyn begûnen, rûnen doe en dêrnei gauris út op fjildslaggen mei de plisy, dêr't ek deaden by foelen (Rudi Dutschke).

De wrâld, de steat, de stêd, waarden troch jonge, faak goed ynformearre minsken as *marode* beskôge. Dútslân wie ekonomysk wer oerein, mar de konservatyf-boargerlike mentaliteit wie net feroare, net yn de manfrou-ferhâldings, net yn 'e ferwurking fan it Nazi-ferline (de âlden en grutâlden swijden noch altyd), net yn de (atoom-)wapenwedrin. De oarloch yn Vietnam, de wenningneed yn Berlyn (en Amsterdam), de Springer-pers, it wienen allegearre oanjagers fan it urginte gefoel, dat der striden wurde moast foar feroarings.

Letter keas Heinz foar it wapen fan 'e ferbylding. En foar in rol yn 'e ljite. Hy waard Drucker, wurke in soad foar de linkse beweging, kaam yn 'e kunde mei keunstners dy't affysjes en posters makken en begûn sels te tekenjen. Te lêzen. Te sammeljen.

Yn syn eardere wenning yn Kreuzberg haw ik in kearmannich útfanhûze yn syn atelier, oarspronklik de souterromte dêr't de konsjêrzje fan it kompleks wenne. It appartemint hie er doe al ferkocht. Mei de betingst dat er noch tsien jier dat atelier brûke mocht. Ik ha dêr doe in searje foto's makke. Foto's fan in plak dat frede útstriede en it ferhaal fertelde fan in libbenslange syktocht nei alles wat moai is.

alle Po@diums fan 2025 en 2026: benniehuisman.nl
Réaksjes? altyd wolkom: huisman.bennie@gmail.com
Op of út de ferstjoerlist? mail - of app: 06-29155260



wo bin Ich Zuhause?
auferstehend
aus Ruinen, suchend

Kind ohne Vater
Vater ohne Land
wo bin Ich Zuhause?

hinterlasse das
was selbstverständlich
diese Name trägt

wer Freiheit sucht in
Berlin, findet Streit

wer Frieden sucht
und oder neben Liebe
findet irgendwo
irgendwann
ein Geheimzimmer
in sich